

**Bêste minsken,**

**It docht my goed om hjir jûn yn eigen doarp te gast te wêzen. Tige tank foar de útnoeging! Dy wie yn it Frysk en ja... doe koe ik net oars as foar it earst yn myn libben in taspraak folslein yn it Frysk te hâlden.**

**Tweintich jier Doarpshûs De Jister. ..**

**Tweintich jier al binne bestjoerders en frijwilligers yn it spier om de leefberhyd fan it doarp op in heech peil te hâlden. Om it de gebrûkers fan De Jister nei 't sin te meitsjen.**

**En fansels moatte jo dêr efkes by stil stean. Want wat moat in doarp as De Heide (en omkriten) sûnder minsken as jimme...**

**In noflike jûn, sa stie it op it kaartsje, en ik bin der wis fan, dat it ek in noflike jûn wêze sil. Út namme fan it gemeentebestjoer wol ik jimme graach hertlik lokwinskje mei dit jubileum. Mar der is ek in oare reden.**

**Want in doarpsmienskip driuwt faak op frijwilligers en dat is hjir op 'e Heide al net oars. Frijwilligers binne dei yn dei út yn it spier foar it doarp en har ynwenners. Sokke minsken binne lykwols net sa maklik te finen. Dat wurdt hieltyd dreger. Mar hjir yn**

**Twizelerheide kinne jim allegearre werom falle op de krêft en ynset fan ien persoan yn it bysûnder. En ta har wol ik my no graach efkes rjochtsje.**

**Frou Trijntje Veenstra-Postma, better bekend as Tineke.**

**Fan njoggentjin-santich (1970) ôf binne jo al mei in protte nocht en wille aktyf yn ús doarp. It begûn mei de âlderkommisje fan de iepenbiere legere skoalle It Twaspan. Acht jier lang setten jo jo mei enthûsiasme yn foar de belangen fan de bern.**





**Yn njoggentjin-trij-en-tachtich (1983) kamen jo yn it bestjoer fan Plaatselijk Belang. Jo hawwe, sa is my ferteld, troch jo folsleine ynset en sichtbere wille, in protte betsjutten foar it doarp en de mienskip. Yn it bysûnder foar de sosjaal-kulturele aktiviteiten foar de jongerein en foar it jierlikse 'Heidefeest' hawwe jo in soad út 'e wei set..**

**Yn njoggentjin-sân-en-tachtich (1987) kaam dêr jo funksje fan bestjoerslid en siktaresse fan de Stichting Verenigingsgebouw 'de Jister' by.**

**En sûnt fyftjin (15) april njoggentjin-acht-en-tachtich (1988) binne jo ek nochris de behearder fan dit gebou. En dat allegearre folslein frijwillich!**

**Alle behearstaken fan De Jister rêste op jo skouders: de planning, de koördinaasje, it ynkeapjen, it delegearen fan wurk, it skjinmeitsjen.**

**Dizze grutte ferantwurdlikhyd nimme, drage en folbringe jo mei mear dan hûndert presint ynset. Dêrfoar nim ik myn petsje ôf!**

**Sjoen dizze jierrenlange, ûnbaatsuchtige ynset en jo oansteklike enthûsjasme binne jo in foarbyld foar in hiel soad minsken.**

**Jo ûndernimme in protte aktiviteiten dy't goed foar ús doarp en ús mienskip binne. En dizze mienskip fynt ek dat jo dêrfoar wolris yn it sintsje set wurde meie. En dêrom hawwe se my frege jo foar te dragen foar in keninklijke ûnderskieding.**

**Fanwege de lange tiid, de ynhâld fan it frijwilligerswurk en de útstrieling dêrfan op ús mienskip, hat ús Keninginne besletten jo te beneamen ta 'Lid in de Orde van Oranje Nassau'.**



**En ik soe jo no graach útnoegje wolle nei foaren te kommen om de fersiersels dy't dêrby hearre yn ûntfangst te nimmen.**